

**Tekst by de powerpoint-presintaasje fan de ‘Gearfetting fan de diskusjes oer it Oanfalsplan Frysk’ op 29 oktober 2008 en ‘Oansetten foar takomstich taalbelied’ op 6 maaie 2009 yn de gearkomste fan steatekommisje *Boarger & Mienskip* út namme fan de wurkgroep troch Tom Dykstra.**

Foarsitter, steateleden,  
tank foar de gelegenheid om de ‘Gearfetting en Oansetten’ yn te lieden.

### **1. Oanfalsplan Frysk**

Guon fine ús titel ‘Oanfalsplan’ **negatyf**. Ik jou ta: foar it Frysk binne wy soks net wend. Meast is it tuike-tuike, want wy moatte gjin spul hawwe.

Mar as it bygelyks oer it bestriden fan de Meksikaanske gryp giet, dan sille wy in oanfal op it firus goedkarre. Likegoed as wannear’t it om ‘ûnderwiisefterstannen’ giet. Wêrom net foar it Frysk?

In ‘Oanfalsplan Frysk’ wol oars net size as dat it in **serieuze saak** is om it hieltyd tebekkringen fan it brûken fan it Frysk yn ’e mienskip tsjin te gean. It wol in **posityf belied** wêze om de besteande ûngelikense *taalmachtsferhâldings* oan te pakken.

Dêrom in **deltaplan**: breed, net in inkelde losse maatregel. **Yntegraal taalbelied**: alle taaldomeinen. Underfinings mei it ‘losse’ fak Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis hawwe leard dat soks gjin seadden oan ’e dyk set, om yn styl te bliuwen. Us eardere deputearre Mulder hat yndertiid dan ek mei rjocht en reden pleite foar *yntegraal* taalûnderwiis. De *trijetalige* skoalle is dêr in goed foarbyld fan.

### **2. Frysk yn ’e hûs**

Hoe leit it lân der op dit stuit hinne? (ferl. ûndersiken fan Pietersen , twa kear Gorter, de provinsjale *Fluchhifking* (2007) en de dissertaasje fan Van der Bij en Valk (2005)) **Yn 2 generaasjes (40 jier) is it persintaazje fan-ûs-út-Fryskpraters fan goed 70 nei minder as 50% weromgien. Under de jongerein leit dit neffens Van der Bij en Valk noch leger: in 40%.**

Troch de hieltyd heterogener taalsituaasje yn ús provinsje driget it Frysk yn eigen taalgebiet fan *mearderheidstaal* in *minderheidstaal* te wurden. Benammen ûnder jongerein is troch dy minderheidsposysje de fiertaal faak it Hollânsk: de Frysktaligen binne ommers goed twatalich en de net-Frysktaligen leare it Frysk net aktyf te brûken.

### **3. Sprektaal tsjin de bern (Fluchhifking):**

Yn trochsnee brûkt 48% fan de respondinten **meastal** it Frysk mei de bern. Yn Ljouwert tusken de 10 en 20% en Littenseradiel bygelyks tusken 70 en 80%. Men hoecht gjin wittenskipper te wêzen om te witten wat dan de gefolgen binne: yn ’e grutte plakken brûkt de lytse groep Frysktalige bern it Hollânsk yn ’e omgong mei de oare bern. Se wolle net ‘pest’ of ‘pleage’ wurde om harren taal. Boppedat docht de skoalle alle war om harren, los fan it Frysk, it Hollânsk by te bringen.

Sa ûntstiet de lêste tiid in histoaryske *omslach*: op gâns skoalpleinen ferdwynt it Frysk om plak te meitsjen foar it Hollânsk. Fan hûdskleur kinne jo net feroarje, fan taal al. De taaloerdracht stiet dan ek geweldig ûnder druk.

### **4. Taalgedrach**

Taal*hâlding* en taal*gedrach* fan in protte Friezen lizze fakentiids fier útinoar. It is bekend dat de Friezen **wiis** mei it Frysk binne. Yn it lêste ynspeksje-ûndersyk kaam dat ek wer dúdlik nei foaren: 70% fan de âlden jout oan dat Frysk op ’e basisskoalle wichtich is en 12% fynt dat der ek **mear** barre moat. Mar sa’n 18% achtet it Frysk net sa wichtich, wylst de skoaldireksjes tochten dat dit 34% (it dûbele!) wie.

Dy positive taal*hâlding* is lang net altyd werom te finen yn it gedrach fan de 4 groepen Friezen yn ’e grafyk. Men kin dan wol it Frysk as earste taal hawwe, mar brûkt men it ek yn alle situaasjes? Guon ferbrekke harren al hiel gau, foaral yn de hegere domeinen, op basis fan benammen opfieding (‘fatsoenlik wêze’) of op grûn fan in legere maatskiplike posysje. It jout perfekt it ferskil yn

taalmachtsferhâldings oan: hoe faak freegje Frysktaligen yn in gearkomste net dimmen oft alle oanwêzigen it Frysk wol ferstean kinne? Ien finger (al of net mei rjocht) en alle Frysktaligen ferbrekke harren en de fiertaal is fierder Hollânsk.

Soks hat gefolgen: foar de Frysktaligen in minderweardichheidsfielen foar de eigen taal oer en foar de net-Frysktalige ynwenners fan Fryslân is der dan gjin needsaak (mear) om it Frysk te learen. Sa wurdt de ûngelikensens konsolidearre en nimt it normaal brûken fan it Frysk ôf. It docht boppedat ek in grutte oanslach op de kwaliteit fan it Frysk taalgebrûk.

### 5. Wat moat der feroarje?

Okkerdeis stie der yn 'e krante dat der sa'n bytsje Fryske skriuwers binne: de literêre produksje is leech. Logysk tinkt men dan, want binne alle ynwenners fan Fryslân kompetint makke troch it ûnderwiis? Kinne se Fryske teksten flot lêze en hawwe se leard om ek yn it Frysk harren tinzen op papier te setten?

Wolle wy it Frysk en de Fryske mienskip **in takomst** jaan, dan sil it Frysk yn ús taalgebiet **earste taal** wêze moatte. Dat betsjut de *normale*, de *gewoane* omgongstaal foar alle ynwenners yn de iepenbiere romte. Foar 'beskate' (oare)situaasjes hawwe wy it Hollânsk en it Ingelsk. Frysk driget langer in museumtaal te wurden. Fan Ierske tastannen hawwe wy lykwols gjin ferlet.

a. It feit dat it Frysk **net** yn alle domeinen brûkt wurde koe/mocht, hat laat ta de minderheidsposysje fan no. Dat moat oars, wol de taal syn kulturele funksje hâlde.

b. It ferbrekken sit de Frysktaligen ynbakt, ek as **net nedich is**, en legitimearret sa de taalhâlding en taalgedrach fan de ynkommelingen om it Frysk mar net of minder te brûken.

### 6. Hoe?

In stikmannich foarbylden op in rychje. It belied oant no ta beheint him benammen ta it 'ferlieden' fan minsken. Alle bern meartalich grut bringe en it stellen fan subsydzjebetingsten en beneamingseasken giet fierder. Foar it Hollânsk wurde dy punten ek tapast en net ien praat fan 'twang': men is der oan wend. Dochs kin in lytse taal as it Frysk net langer bûten sokke maatregels troch de hieltyd heterogener befolking.

It is no sa, dat bygelyks in net-Frysktalich medysk spesjalist, in rjochter of in ûnderwizer sels fierhinne bepale kin oft er it Frysk ek leare en brûke wol of net. De Frysktaligen passe harren mar oan! In omkearde wrâld dus. It soe dochs net mear as normaal wêze dat wa't hjir komt te wenjen meiferantwurdlikens draacht foar de mienskip hjirre en foar syn taal en kultuer?

### 7. Yntervinsjes

Haadstik 3 fan de 'Gearfetting en Oansetten' jout skematysk oansetten foar *yntegraal* taalbelied, yn trije kolommen.

De kolom '**situaasje no**' is de realiteit fan al den dei en dy sjogge wy net as in natuerlik 'gegeven', mar as in histoarysk sa groeide (kromwoeksen) situaasje. Dy is sa ûntstien yn de lêste pear ieuwen en wa't net better wit, fynt it fanselssprekkend, 'gewoan'. Dochs kwalifisearje wy it as 'ûngewoan' en 'ûnrjochtfeardich' en as 'kânsleas'.

De kolom '**yntervinsjes**' jout mooglikheden foar it belied om de posysje te ferbetterjen. Ofgrysliek kompleks en neffens in stratezjy fan stap-foar-stap yn te setten. Dêrfandinne in 'Sintrum' om dat te ûntwikkeljen en te stjoeren.

De kolom '**takomst**' jout de ambysje oan om foar it Frysk, foar ús mienskip mei in eigen taal en kultuer yn in iepen wrâld. Sûnder dy ambysje wurdt sa'n mienskip wei.

### 8. Beliedssyklus

As it om belied giet dan binne 4 fazen fan belang: belied (1) *ûntwikkelje*, (2) *útfiere* mei stipe, (3) *neigean* wat it úthelle hat en sa nedich (4) *hanthavenje*.

Wat it Frysk yn it basisûnderwiis oanbelanget (om mar in foarbyld te neamen) is it belied amper takommen oan de fazen 2 oant en mei 4. It Frysk is 'ynfierd' yn 1980 en doe moasten de skoallen mei help fan de begeliedingstsjinst (as dy al frege waard) harren dermei rêde en wie it ûnderwiis yn it Frysk fierhinne ôfhinklik fan it ynsjoch en de taalhâlding fan bestjoeren en learkrêften.

Yn syn advys fan 23 maart fan dit jier (2009) hat it *Konsultatyf Orgaan* foar it Frysk oan ferantwurdlik minister Ter Horst te witten dien om ûnder mear:

- te soargjen foar *foldwaande tiid* (Hânfêst: 'aanmerkelijk deel') foar it Frysk yn it ûnderwiis en om in *hanthaveningsramt* te ûntwikkeljen,
- it Frysk op te nimmen yn de *risiko- en opbringste-analyse* fan de ynspeksje en de kapasiteit dêrfoar mei yn oerienstimming te bringen,
- it Ryk en de Provinsje op te roppen om it *tekoart oan kwalifisearre learkrêften* Frysk yn basis- en fuortset ûnderwiis op te lossen.

Hieltid wer wurde deselde saken oan de oarder steld, omdat it útstelde belied **healwei de syklus stykjen bliuwt** en net systematysk alle fazen fan it proses yn acht nommen wurde.

### **9. Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer.**

Om it Frysk in lykweardige en takomstbestindige posysje werom te jaan, is dêrom neffens ús in 'Sintrum' foar *ûntwikkeling, útfiering, evaluaasje* fan belied needsaaklik. De bydrage fan prof. Salverda yn de 'Gearfetting' jout dêr in goed byld fan. Haadtaak is it ûntwikkeljen en ek realisearjen fan yntegraal en effektyf taalbelied rjochte op de fersterking fan it Frysk yn ús meartalige provinsje. De Provinsje stelt dat belied fêst en besteande organisaasjes wurde by it *útfierings*proses behelle of ynskeakele.

### **10. Koste-yndikaasje**

Om net fan de flier op 'e souder te stappen kin ynearsten in begjin makke wurde mei de stipe-ynstellings yn/foar it ûnderwiis. It ûnderwiisdomein is in kaaidomein en yn in groeiemodel wurde dêr oare domeinen by oanheakke.

### **11. Einfaze**

Guon yn ús wurkgroep hawwe harsenskrabbe oer de fraach nei de personele ynfolling fan de domeinen yn 'e einfaze. Yn sa'n profesjonele organisaasje giet it net allinne om *ûntwikkel*wurk mar ek om *ffild*wurk. Foar alle domeinen is in skatting makke.

### **12. Organisaasje**

De organisaasje moat transparant bliuwe en moat 'goed wurkje' kinne.

### **13. Kostemplaatsje**

Salverda stelt yn syn bydrage de fraach oft sa'n *Sintrum* ek wat kostje mei. Sa hat de *Welsh Language Board* yn Wales 18 miljoen Ingelske pûnen it jier te besteegjen. Us skatting foar Fryslân is wat beskiedener.

As lêste wol ik noch opmerke dat troch it *keppeljen* fan aktiviteiten fan ferskillende organisaasjes der in besparring te heljen is en fierder sil der ûndersocht wurde moatte - as it ta in desintralisaasje fan foech komt - hoe't dan de finansjele ferantwurdlikheden fan Ryk en Provinsje foar it Frysk taalbelied lizze (moatte).

*Tank foar jimme oandacht.*